

## Ofskie fan Bert Wemmenhove as mentor fan de Skeakel- en Oriïntaasjeklasse fan Skoalle Lyndensteyn op 26 maart 2009

Bêste Bert en Frieda en alle oaren,

It is no ek safier mei dy, Bert! Nei mear as tritich jier Skoalle Lyndensteyn giest myn lot efternei. Yn de ‘Ruhestand’ sa’t de Dútsers dat sa moai sizze. Do nimst mei pine yn it hert ôfskie fan dyn learlingen en fan guon kollega’s, dy’t dy yn de rin fan jierren dierber wurden binne. Do wiest en bist ien fan de minsken dy’t my wer dierber wurden binne. Dat hat makke dat ik ek de lêste trije jier, nei myn eigen ôfskie fan dizze skoalle, frij krekt op ’e hichte bleaun bin fan dyn aventoeren en tûkelteammen op Lyndensteyn. Yn fierwei it grutste part fan de tiid waardst net foar de fuotten rûn troch dyn bazen en krigest de romte dy’tsto fertsjinneste. Dat wiene dyn heechtjiden. De lêste trije jier is spitigernôch wat in oar ferhaal.

Ien fan dyn earste ‘bazen’ wie ik. Doe’t ik yn 1973 op Lyndensteyn yn de ‘kearnôfdieling’ as learkrêft kaam te wurkjen, sa hiet de basisskoalle-ôfdieling doe, moast ik it noch sûnder klasse-assistent dwaan. Want dêr wiene der doe te min fan. Nei in skoftke kaam Jikke. In pear jier letter pandere der in jongkeardel fan begjin tritich de gong troch. Dat wiesto. Ik haw dy it paad noch wize moatten yn de rjochting fan Renske Hoekstra, direksjesekretaresse, en Jan Baselmans, ús skoallieder.

Do kaamst my bekend foar fan in winkel yn Drachten dêr’tst wurke hiest. Dat wie in frij guodkeape cash-and-carrywinkel mei de namme *Euromarkt*, dêr’t men wòl mei gûnen betelje moast. Ik moast dêr foar myn oare helte gauris hinne te boadskipjen. Underwizers moatte ommers ek om de sinten tinke. Utsein libbensmiddels wie der ek wyt- en brúnguod te krijen. Sis mar: kuolkasten, radio’s, televyzjes en stofsûgers. Ek al wiesto dêr assistint-bedriuwslieder en personielssjef, ik haw dy, Bert, dêr oars net sjoen as tusken dat wyt- en brúnguod. En dat spul wistest, yn myn eagen alteast, op in technysk saakkundige, betroubere, fleurige en aimabele wize oan de man of frou te bringen. Lykwols wie dat foar my net daliks in reden om in grut pedagooch yn dy te sjen. In kasjêre fan dyselde *Euromarkt*, Betteke van der Meer, wie it lykwols al opfallen datsto yn de winkel op sa’n noflike wize omgongst mei bern. Se seach àl in echte pedagooch yn dy en sei dat ek. Doe’t de winkel op in stuit ticht moast omdat de beide eigeners, bruorren ek noch wol, rûzje krigen, wie dat foar dy in reden om de stap nei Skoalle Lyndensteyn te weagjen.

De measte fan myn jonge froulike kollega’s seagen der blykber wat tsjinoan om dy as klasse-assistent yn harren groep te hawwen. Al wat âlder en ek noch man ... Dat wie grif wat te bedriigjend. Se stoden dus net op dy ôf. Hoe’t ik derûnder stie, wie de fraach fan Jan Lourens, ús adjunkt. It kin ek Jan Baselmans west hawwe, ús nije skoallieder.

Dat hat it begjin west fan in lange en tige fruchtbere gearwurking. Ik hold fan safolle mooglik klassikaal ûnderwiis en do wiest poer geskikt om bern te begelieden dy’t dêroerhinne noch wat ekstra begelieding nedich hiene. Ik seach it direkte-ynstruksjemodel as it meast effektive ûnderwiislearmodel foar it ûnderwiis, ek foar de kearnôfdieling fan ús learlingen. Men moat de bern net te lang yndividueel selsstannich wurkje en leare litte mei alle mooglike ferskillende oefentaken, dy’t in soad tige fersprate begeliedingstiid frette. Dat giet altiten op kosten fan de direkte ynstruksje en de oerdracht fan de learstof en is dus net effektyf. En is sadwaande net yn it belang fan de bern. Dat wisten wy mear as tritich jier lyn al. Of faaks moat ik sizze: *noch*. En ien fan myn heechlearaars pedagogyk yn Grins, prof. Imelman, hat

dat op noch ris útlein by myn eigen ôfskie fan dizze skoalle. Nei in hiele tsjustere perioade yn it Nederlânske ûnderwiis, moatte wy dat tekoart oan ynsjoch by ferskillende skoaltypen op ferskillende nivo's hjoed-de-dei wer rjochtsette. En Dijsselbloem sadwaande rjocht dwaan. Underwilens hawwe in pear generaasjes nije learkrêften net leard om op in by-de-tiidske wize goed klassikaal les te jaan. Dat hiene se bygelyks yn Ingelân neffens in Nederlânske âld-ynspekteur basisûnderwiis (sjoch de NRC fan it lêste wykwein) op grûn fan de resultaten al earder yn 'e rekken en is in klassikale oanpak wer yn eare hersteld. Yn Ingelân is nei 1995 stapke foar stapke al ôfskie nommen fan it yndividueel wurkjen. Ek al leit it lân der yn it spesjaal (fuortset) ûnderwiis somtiden wat oars hinne: dêr kin it yndividueel wurkjen likegoed trochsjitte. In learaar is yn it foarste plak in oerdrager fan learstof en net allinnich coach of begelieder. Likegoed yn it spesjaal ûnderwiis.

Doe't ús skoalle ein santiger jierren de Jenaplan-eftige kant út gong mei alle mooglike kreative aktiviteiten op de freedtemiddei, seach ik it swurk driuwen. Dat koe net oars as op kosten gean fan de needsaaklike basiskennis, benammen fan de wat swakkere learders. Al dy prachtige en kreative dingen foar de saneamde 'fiering' op freed moasten ommers taret, ynoefene en útfierd wurde. En dat liedt hast automatysk ta noch mear kennistekoarten en ûnderwiisefterstannen. De boekjes kamen yn dy tiid net mear út en de skriften net mear fol. Dat soks pynlike gefolgen hat foar de trochlearmooglikheden yn it fuortset ûnderwiis, lit him tinke. In skoftlang hawwe Bert en ik op skoalle tsjin de stream ynroeie moatten, oant der klachten kamen fan âlden en benammen fan âld-learlingen. Der waard te min leard tocht harren, en se hiene gelyk.

It roer moast om en wy beiden krigen fan de beide skoallieders de kâns om mei in pear oare kollega's dy't de learstof ek heech sitten hiene, in nije ôfdieling foar fuortset ûnderwiis op te setten, rjochte op diploma's en sertifikaten. Dat hat ús, ferlike mei gâns oare skoallen foar bûtengewoan, no spesjaal fuortset ûnderwiis, letter in fikse foarsprong oplevere. Oars hiene wy no grif in swakke of tige swakke skoalle west. De ynspeksje hat dêr hjoed-de-dei in wurdearringsramt foar om soks te hifkjen. In moanne lyn hie allinnich Fryslân al mear as 20 **tige** swakke basisskoallen. En dêr binne trije Jenaplanskoallen en ien Montessoriskoalle by. Ek de 'frije skoalle' leit hjoed-de-dei ûnder fjoer. Of de eardere 'werkplaats' fan Kees Boeke, dêr't guon fan ús prinsessen net al te folle kennis opdien hawwe. Hiel wat saneamde 'reformpedagogyke' skoaltypen falle hjoed-de-dei foar in grut part troch de koer en dat fernuveret my neat. By it spesjaal ûnderwiis liket it yn gâns gefallen net folle better. Per 1 maart 2009 steane der bgl. noch 7 Regionale EkspertizeSintra bûten Fryslân as **tige** swak op de ynspeksjelist. Om fan swak mar net te praten.

It wurkjen mei ús learlingen, Bert, naamst sa serieus dat it dy njonken dyn folsleine wurkwike slagge is en helje in twaddegraads pedagogyk-akte. Underweis op 'e fyts fan Drachten nei Beetstersweach beharkesto mei dopkes yn 'e earen alle kolleezje- en oare stof, dy'tst opnommen hieste op in kassettebantsje. Noch in wûnder datst it yn it drokke ferkear oerlibbe hast. Boppedat waardst gauris ferkâlden fan al dat gefyts. It bliuwt ommers noch altiten in soarte fan 'sport'. En dus yn potinsje gefaarlik. Ik haw dat by dy ferhelpe kind troch de simpele goerie om ris in flinke mûtse te setten op dyn altiten bleate holle. It hat holpen, want nei in stikmannich jierren helleste dyn doktoraal andragology oan de universiteit fan Grins. Net ien hoegde dy as krityske en ûnôfhinklike tinker, dy't tenei ek teoretysk goed ûnderlein wie, mear wat wiis te meitsjen.

Begjin jierren njoggentich krige ik yntern in ûnderwiisynhâldlike begeliedingsfunksje op ús skoalle, omdat ús beide Jannen net safolle fan ûnderwiisynhâlden en it toetsen dêrfan

ôfwisten. Us gearwurkingsaktiviteiten belunen dus wat. Lokkigerwize wiene ûnderwilens dyn grutte pedagogyske kwaliteiten ek troch Jan Lourens en Jan Baselmans opmurken. De erkenning kaam doe'tst sels, as mentor, de ferantwurdlikens krigest foar in nije groep. In skeakel- en oriïntaasjeklasse foar tige spesjale bern dy't tige yndividuele, ortopedagyske oanpakken fergen. Learlingen dy't almeast net al te lang bliuwe hoegden. It grutte foardiel fan sa'n groep wie, dat it net langer needsaaklik wie om dy learlingen yn de mear 'reguliere' klassen op te heinen. De learkrêften yn de klassen krigen sadwaande de hannen frij om wat mear klassikaal te wurkjen en op de hiele groep rjochte ûnderwiis te jaan. In yn al syn simpelens dochs briljante oplossing foar in grut probleem, dy't syn wearde oant hjoed-de-dei bewiisd hat. Jan Baselmans neamde dy in pedagogysk 'sjeny' en joech dy de romte yn dy nije klasse. Mei rjocht en reden, want hy waard dêryn befêstige troch dyn learlingen en har âlden. Der lizze hiel wat reaksjes dy't fan grutte wurdearring tsjûgje.

Spitich dat soks troch guon meiwurkers net altiten goed sjoen of begrepen waard, net op skoalle en benammen net op it sintrum foar revalidaasje. Ik haw myn soargen dêroer utere by myn eigen ôfskie yn 2006. En warskôge om net oan Bert syn klasse en syn oanpak te kommen. Wer mei rjocht, want ûnderwilens leit der in dossier fan in pear sintimeter tsjok mei aaklike foarfallen dy't der op rjochte wiene om dy it wurkjen ûnmooglik te meitsjen. De oarsprong leit benammen by in revalidaasje-arts fan it sintrum. Ik sil syn namme yn dit fermidden mar net oer de lippen rôlje litte, mar syn 'daden benne groot'. Dy tocht dat er dy it libben soer meitsje moast. De motiven binne my noch altiten tsjuster. Oergeunst? Machtshonger? Allebeide? Syn beweegreden sille wol ferburgen lizze yn syn tsjustere persoanlikheidsstruktuer. Dizze saneamde 'saakkundige' is it slagge en krij oaren mei yn in falsk en mislik spultsje om dy, hieltiten mar wer, yn diskredyt te bringen. Om pseudo-feiten te betinken oer dyn pedagogyske behanneling fan dyn pinelearlingen en dy dan ek noch op te blazen. It is dy arts slagge om *Team Trije fan Revalidaasje Friesland*, lokaasje *Beetstersweach*, safier te krijen dat dy it fertrouwen yn dy opsei. Lokkich is de ferpleging fan de unit jongerein, ek ûnderdiel fan Team 3 net yn syn rottefalle trape. Ek guon oaren fan it team wiene net op 'e hichte. It gong lykwols safier dat dat 'team' der by de hjoeddeiske direkteur fan Skoalle Lyndensteyn op oanstie om dy fan dyn taak as mentor fan de Skeakel- en Oriïntaasjeklasse te ûntheffen. Jan Baselmans hie yn myn tiid mei sokke oerkommelingen ôfweefd. Ik wit dat út eigen ûnderfining doe't ik, al jierren lyn, sels in djipgeand konflikt hie mei de genêshear-direkteur fan it sintrum, dokter Voerman. Dy woe ús as skoalmeiwurkers bygelyks it brûken fan it Frysk yn skoalle- en sintrumgearkomsten ferbiede. It is, sa is myn ûnderfining, foar in meiwurker yn sokke situaasjes, as it der tige om spant, fan grut belang dat de skoallieding dan foar syn meiwurkers stean giet. En it sintrum dúdlik witte lit wêr't de grinzen lizze fan it medyske-modeldenken en har aneksaasjesucht.

Slim spitich ek dat it yn de rin fan de tiid safier komme moast dat Marja de Bree fan de Aob en mefrou Lutz Jacobi yn har funksje as lid fan de *Ried fan Tafersjoch fan Skoalle Lyndensteyn* tuskenbeide komme moasten om dy grinzen wer oan te jaan. De skoallieding hat nei oanlieding fan harren optreden lokkich syn fertrouwen yn dy útsprutsen en dat ek oan it Sintrum witte litten. It Sintrum hat it oant no ta spitigernôch noch neilitten. It kin, neffens my, net sa wêze dat it sintrum foar revalidaasje it net needsaaklik achtet om it grutte ûnrjocht dat dy troch guon fan har meiwurkers oandien is, folslein wei te nimmen. Der leit dus noch in morele plicht foar it hjoeddeistige skoalmanagement om it sintrum derta te bringen dat it tajout dat it foar har ek ûnakseptabel is dat guon sintrummeiwurkers it fertrouwen yn dy opsein hawwe. Dan kinst dat pynlike en beskamsume haadstik ôfslute. Do, Bert, fertsjinnest it net datst mei in 'symbolische vlek op mijn reputatie' sa'tsto dat sels neamst, ôfskied nimme moast.

Ik kin dy, Bert, net better karakterisearje as dat in âlder dien hat, dy't lulk wie op in sintrumpsiichologe, dy't in bern út dyn groep nei in psychologyske test in skoaladvys jûn hie foar it ferfolchûnderwiis. Dat wie ek wer in stap te fier oer de grins hinne en se wie mei dat advys boppedat raar de mist yngongen. Dy âlder achte it winsklik om dy nei al dy tûkelteammen en dat narjen wer in fear yn 'e broek te stekken. En wol op hyves, in modern medium foar nije kontakten. Hjir komme in pear fragminten dy't skerp oanjouwe wêrom't dat plakje op dyn siel, Bert, sa gau mooglik weiwurke wurde moat. Ik soe it net better ûnder wurden bringe kinne as dy âlder:

“Bert, je weet dat je in je leven altijd een paar mensen op je pad tegenkomt die je nooit meer wilt vergeten. Dat zijn mensen die je op een of andere manier van binnen raken, mensen die je werkelijk ontmoet.

Toen ik jou in Beetsterzwaag ontmoette, als nieuwe tijdelijke “meester” van onze beide dochters, wist ik gelijk dat jij zo'n geweldig mens was. We hebben het dan ook nog vaak over je! Niet alleen omdat je de meiden zo fantastisch hebt gesteund toen ze bij jou in de klas zaten. Maar gewoon omdat je heel veel waarde voor ons hebt als mens.

Je hebt een puurheid en authenticiteit in je waar al die beroepsgedeformeerde, psycho(niet)sociale, achter-de-ellenogenkarakters mochten willen dat ze daar maar een sprankje van bezaten.

Maar helaas voor hen bebben ze dat niet, daarom ook hun poging waarschijnlijk om uit die hoek een soort karaktermoord op jou te plegen. [...]

Als er één met een big smile 😊 afscheid kan nemen van een school waarin jij zoveel voor mensen hebt betekend, dan ben jij het Bert! Dus hou recht die rug tot en met de laatste dag en WEES LIEF VOOR JEZELF (wie zei dat ook altijd alweer?!)"

En sa is it! Al dy lange jierren haw ik sûnder dat der ien ferkeard wurd fallen is tusken ús, treflik mei dy gearwurkje kinnen. En dat wie perfoarst gjin opjefte. In foto fan ús beiden yn in koart Skotsk rokje op in Corneliadei, de hannen ynlik om inoars skouders, binne dêr it meast sprekken bewiis fan. Skoalle Lyndensteyn kin der grutsk op wêze dat it jierrenlang in meiwurker yn syn fermidden hân hat dy't aardich heech boppe it meanfjild útstiek en dêr't ik altiten in hiel grut fertrouwen yn hân haw. De skoalle en dyn learlingen sille dy aanst slim komme te missen. Bert en Frieda, it alderbêste. **We keep in touch!**

*Beetstersweach, 26 maart 2009,  
Sytze T. Hiemstra*